

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes  
o.f. H.M. de Jonge  
Postbus 20011  
2500 EA DEN HAACH

Ljouwert, 26 septimber 2023

Achte minister De Jonge,

Jo foargonger, minister Bruins Slot, stjoerde yn in brief d.d. 5 july inkelde advysoanfragen oan it wetlik advysorgaan foar it Frysk (DINGtiid), n.o.f. it debat oer de Fryske taal yn de Twadde Keamer op 8 desimber 2022, en de moasjes dy't op dy dei en yn de omlizzende perioade oangeande de Fryske taal oannaam waarden. Mei dizze brief litte wy jo graach witte dat DINGtiid it neikommende foarsjocht wat de moasjes oanbelanget dêr't DINGtiid yn neamd wurdt; DS fan de Provinsje Fryslân krijt in ôfskrift fan dizze brief.

Foarôf jildt dat it BFTK-dossier foar ús absolute topprioriteit hat, ek fanwegen de wetlike taak dy't DINGtiid yn dat proses tabedield is (Wet gebrûk Fryske taal, haadstik 4); nei ferwachting sille we ús definitive BFTK-advys koart nei de bestjoersgearkomste fan 20 novimber ferstjoere kinne.

DINGtiid is troch de minister nei oanlieding fan trije moasjes om advys frege:

Moasje 36200-VII-130, oangeande it ûnderwiis yn de Fryske taal yn it mbû:  
Yn it oerlis mei de minister yn maart 2023 is ôfpraat dat DINGtiid yn 2023 in ferkennende advysbrief opstelt, en it dossier ferfolgens fierder omtinken jout yn syn kommende Wurkprogramma (2024/2025). DINGtiid hat ûnderwylst kontakt lein en petearen fierd mei it gremium 'Wy binne mbû'. Op 11 oktober wurdt der yn Ljouwert in ynspiraasjedei foar it Fryske mbû hâlden, organisearre troch dit gremium. DINGtiid sil dêrby oanwêzich wêze, en koart dêrnei de taseine ferkennende advysbrief opstelle kinne en ferstjoere. Yn ús Wurkprogramma 2024/2025, dat ein augustus oan de demisjonêr minister oanbean is, is yn fierdere útwurking fan it advysdossier foarsjoen.

Moasje 36200-VII-132, oangeande de Lanlike kommisje Frysk:  
DINGtiid is al in skoftke dwaande mei dit belangrike en potinsjeel ynfloedrike dossier. Begjin novimber lizze wy in wurkbesite ôf yn Wales, dy't der primêr op rjochte is om ús gedachten oer langetermynambysjes mei it Frysk neier foarm te jaan, mar dy't ek fan grut belang is foar ús fierdere gedachtefoarming oer dizze Lanlike kommisje Frysk. Yn desimber sille wy ús advyslinen oan belutsen provinsjale en Ryksamtners foarlizze en dy neier mei harren beprate. Dy petearen binne ynput foar ús definitive advys, dat wy foar begjin 2024 foarsjogge.

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 0.11  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl  
www.dingtiid.frl  
@dingtiid

Moasje 36200-VII-134, oangeande de Frysktalige sjoernalistyk:  
DINGtiid sil him de kommende moannen noch fierder oriïntearje op de mearje, yn oanfolling op wat sûnt 2022 al oan ynput sammele is. De minister sil ús advysbrief dêroer nei ús BFTK-advys, mar noch foar de jierwiksel, yn 'e mjitte sjen kinne.

Wy ferwachtsje jo hjirmei foldwaande ynformearre te hawwen.

Mei freonlike groetnis,

A handwritten signature in black ink, appearing to be 'J. Koster', written over a horizontal line.

Jan Koster  
Foarsitter DINGtiid

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties  
T.a.v. H.M. de Jonge  
Postbus 20011  
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 26 september 2023

Geachte minister De Jonge,

Uw voorganger, minister Bruins Slot, deed per brief d.d. 5 juli enkele adviesaanvragen toekomen aan het wettelijk adviesorgaan voor het Fries (DINGtiid), n.a.v. het debat over de Friese taal in de Tweede Kamer op 8 december 2022, en de moties die op die dag en in de omliggende periode aangaande de Friese taal werden aangenomen. Met deze brief laten we u graag weten dat DINGtiid het volgende voorziet met betrekking tot de moties waarin DINGtiid genoemd wordt; GS van de provincie Fryslân ontvangt een afschrift van deze brief.

Vooraf geldt dat het BFTK-dossier voor ons absolute topprioriteit geniet, ook wegens de wettelijke taak die DINGtiid in dat proces is toebedeeld (Wet gebruik Friese taal, hoofdstuk 4); naar verwachting zullen we ons definitieve BFTK-advies kort na de bestuursvergadering van 20 november kunnen versturen.

DINGtiid is door de minister naar aanleiding van drie moties om advies verzocht:

Motie 36200-VII-130, met betrekking tot het onderwijs in de Friese taal in het mbo: In het overleg met de minister in maart 2023 is afgesproken dat DINGtiid in 2023 een verkennende adviesbrief opstelt, en het dossier vervolgens nadere aandacht geeft in zijn komende Werkprogramma (2024/2025). DINGtiid heeft inmiddels contact gelegd en gesprekken gevoerd met het gremium 'Wy binne mbû'. Op 11 oktober wordt er in Leeuwarden een inspiratiedag voor het Friese mbo gehouden, georganiseerd door dit gremium. DINGtiid zal daarbij aanwezig zijn, en kort daarna de toegezegde verkennende adviesbrief kunnen opstellen en versturen. In ons Werkprogramma 2024/2025, dat eind augustus aan de demissionair minister is aangeboden, is in nadere uitwerking van het adviesdossier voorzien.

Motie 36200-VII-132, met betrekking tot de Landelijke commissie Fries: DINGtiid is al enige tijd bezig met dit belangrijke en potentieel invloedrijke dossier. Begin november leggen we een werkbezoek af in Wales, wat er primair op gericht is om onze gedachten over langetermijnambities met het Fries nader vorm te geven, maar ook van groot belang is voor onze verdere gedachtenvorming omtrent deze Landelijke commissie Fries. In december zullen we onze advieslijnen aan betrokken provinciale en Rijksambtenaren voorleggen en deze nader met hen bespreken. Die gesprekken zijn input voor ons definitieve advies, dat we voor begin 2024 voorzien.

Motie 36200-VII-134, met betrekking tot de Friestalige journalistiek:  
DINGtiid zal zich de komende maanden nog nader oriënteren op de materie, in aanvulling op wat sinds 2022 reeds aan input is verzameld. De minister zal onze adviesbrief hieromtrent ná ons BFTK-advies, maar nog voor de jaarwisseling, tegemoet kunnen zien.

We verwachten u hiermee afdoende te hebben geïnformeerd.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster  
Voorzitter DINGtiid